

Kadootsjes? Boeken fansels!



Tialda: "Oan (foar)lêzen kleve allinnich mar foardielen. Dyn bern foarlêze is in moaie foarm fan lêsbefoarding. Op 7- à 10-jierrige leeftiid hawwe sy net allinnich in rikere wurdskat as oaren, mar ek in sterker lêsbegryp en in hegere lêsmotivaasje. En dat liedt ta bettere skoalprestaasjes en alle foardielen dy't dêr wer by hearre. (Foar-)lêzen ferrommet it tinken, leart ús om oaren better te begripen en fergruttet it wolwêzen!"

De wei nei it hert

"In boek yn dyn memmetaal streamt streekrecht nei it hert ta. "Bern dy't meartalich grutbrocht wurde, hawwe in gruttere kennis fan taal en dêrtroch giet it learen flugger



— noflike lêsdagen —

Doch in boek kado!

Op syk nei kado's? Tink ris oan in Frysk boek: in orizjineel en persoanlik kado! Net allinnich foar grutten, mar ek foar bern, want "Wa't net (foar)lêst, is gek", sa seit Berneboeke-ambassadeur Tialda Hoogveen.

en makliker, ek by oare saken. Meartalige bern kinne flugger wurkje, mear taken tagelyk útfiere en se beskikke oer mear kreativiteit. (Foar)lêze yn de memmetaal dus! Der binne safolle moaie Fryske boeken, foar alle leeftiden. Myn kadotip foar de feestdagen: in Frysk boek!"

Doch in boek kado!

Helje gau al dy moaie boeken yn 'e hûs, want desimber is dé tiid foar Noflike Lêsdagen!



Gjin ferstjoerskosten

14 o/m 21 desimber


Koartingskoade: **DIBKKRYST2024**



Keimpe-memory

Sikesto in spultsje foar yn de krystfakânsje? Spylje memory mei Keimpe de Krokodil! Sykje twa deselde plaatsjes byinoar. Slagget it ek om de wurden te lêzen? Leuk en learsum foar bern en folwoeksenen.

Foar € 9,95 keapest al in Keimpe-memory en om it hielendal kompleet te meitsjen is der ek in moaie Keimpe-hânpoppe en in 'Wêr is Keimpe?'-sjoch-, lear- en fertelboek te keap. Sjoch op websjop.afuk.frl



Mirjam van Houten
€ 19,95

It Grutte Pake & Beppe Foarlêsbok

It Grutte Pake & Beppe Foarlêsbok is in moai kadootsje om oan (nije) pakes en beppes te jaan, mei de bypassende oppastas! Ek moai as betankje foar it oppassen. Of foar josels as jo graach foarlêze. Yn it boek steane mear as tweintich foarlêserhaaltsjes fan Mirjam van Houten, spesjaal geskikt foar bern fan 2 o/m 6 jier. De ferhaaltsjes binne ek te belústerjen fia in QR-koade achter op it boek.



Frysk yn 'e klasse

Der waard by ús op de basis-skoalle altyd in protte songen, ék yn it Frysk. Ik leau dat wy hast alle ferskes út it boekje 'Fryslân sjongt' leard ha. Ik learde Frysk skriuwen troch it gewoan te dwaan. Want hoe moai is it ast dyn eigen taal ek skriuwe kinst? Ik ynterviewde foar ús rubryk 'Frysk yn 'e klasse' juf Joukje Hamersma. Mei de bern dy't har as juf ha, komt it wol goed. Ik ha selden in learkrêft troffen dy't sa enerzjyk en posityf is oer it Frysk op skoalle. It ynterview kinst weromlêze yn it blêd heit&mem, it blêd foar âlders en opfieders yn Fryslân, dat twa kear jiers ferskynt. It blêd is

troch hiel Fryslân hinne fergees te krijen by lokaasjes lykas bibleteken, skoallen en dokterspraktiken. Mar it blêd is ek online te bestellen fia websjop.afuk.frl, dan betellest allinne de ferstjoerskosten. Diskear ha wy yn de heit&mem artikels oer help by opfieden, brânfeiligens, hoe't je bern belûke by rou, de moaiste Fryske berneboeken en noch folle mear!

Wolst mear witte oer it blêd of de artikels online lêze? Sjoch dan op www.heitenmem.frl

Dieuwke van der Meer
Haadredakteur heit&mem

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Boterhoek 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

IEPENINGSTIDEN
Tisdei o/m freed
10.00 - 17.00 oere

yfno@afuk.frl
www.afuk.frl

[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl of scan de QR-koade.


Boeketip 5



1
Foar ien kear, en allinne dizze moanne: twa prachtboeken fan Willem Verf foar € 10. *De wûndere leafde fan Emine en Einte* en *It sinfol bestean*. Us desimberkado foar Fryslân!

Desimberkado

Willem Verf
€ 10,-



2
Achlum Nobusco is in âld-see-man mei in houten skonk. De minsken fine him mar nimmer en se fertrouwe him net heal, mar dat jildt net foar Mark en Nina van der Vliet.

Achlum Nobusco en de monsternimmers

Eppie Dam
€ 14,95



3
De lêste libbensdagen falle Mûnte Vanger swier. Foar de kust leit de boat dêr't er hast 60 jier syn brea mei fertsjinne, mar de reis by de dykstreppen op falt him alle kearen swierder.

De neidagen

Durk van der Ploeg
€ 22,50



4
Yn dizze biografy fan Trinus Riemersma (1938-2011) komme neist syn literêre karriêre ek syn libbensrin en de ferbiningen tusken beide oan 'e oarder. Alle kanten fan syn karakter krije oandacht.

Der is neat om glêd te striken

Doeke Sijens
€ 35,-



5
Benjamin komt by it hannels-hûs fan de Gryk Gorgias te wurkjen, ûnder it tafersjoch fan heit en synagoge wei. Dan kriget er in klap te ferwurkjen dy't him finaal fan de fûneminten slacht.

De bittere fraach

Anders M. Rozendal
€ 12,50